

## IPENING PAAD

*In goede moarn, jimme folk fan Hartwert op dizze foar jimme wichtige dei. Ik bin jir mei in stikmannich broeders fan út it kleaster, warbere wrotters, grûnferseters foar fearten en diken en sa nedich - en dat is it noch alris – fjochtersbazen.*

*Sels bin ik - sa't jimme begripe- de abt fan it Olde kleaster; mar ik siz net welke want se wiene der yn soarten. Mar ik bin net ien fan 'e minsten en as't dy wat op skrift setten dan wie dat ornaris yn't latyn.*

*Ik ha my no lykswols oanpast oan it gewoane folk*

## TROCHLOFTICH FOLK FAN HARTWERT

Westergoa's haadplak foar de lândagen

Foar grytmannen, rjochters, abten, proasten en prelaten

Yn wat in skoander lân fol blommen, ûntstie Floridus Campus ús abdiij

Bruorren jou dizze minsken in blom fan ús lân, sa frysk en frij \_ \_ \_ \_ \_

## **Betwongen Hollânske hearskappij – slach by Warns- graaf Willem 4 hat it witten**

As lyk hat er by ús yn it kleaster sitten

Dy Willems; doe't Willem 2 mei hynder en al troch it iis hinne sakke

Is er yn 'e striid tsjin 'e West-Friezen in kopke lytzer makke

Willem 5 mei 13 jier al graaf fan Hollân en Seelân en noch bar bêrnich

Op middelbere leeftiid al gou raar kranksinnich

## **Wy kleasterlingen, by need koene wy fjochtsje as liuwen**

Tsjin Hollân-heulende fetkeapers yn 'e midsieuwen

Abt Renicus Camga - foar syn abtitiid gewoan Rein Kamminga- net safreedsum

Olde kleaster tsjin Ludinga-tsjerke - 130 deaden - yn 'e slach by Arum

## **No ja, sine hillichheid de paus koe foar striid ynspireare**

Mei de krústochten soen we dy moslims ommers wolris leare

Aardige bykomstichheid, as't je sa'n striid oerwinne

Hiene jo fuort in folle aflaat of de himel fertsjinne

## **Hawar, ek yn goedens wurdt de himel jo tadielje**

As't jo mei jo besittingen it kleaster skewiele

Wat in lân waard ús sa skonken

En dat alles waard goddelik beklonken

Sadwaande yn't kleaster folop geniet

Mei in hier fan= 120 goudgûnen, in tûne bûter en in fette baarch / 100 pûnsmiet

### En mei al dat lân wie in protte wurk te dwaan

De see hie ommers rûnom noch frij baan  
Diken en fearten, sluzen en sleatten, wat foel der wat te ferskeppen  
Us likebruorren stean dêrfoar, alle dagen wer te skreppen  
Dizze mannen groeven oan 'e Kleaster-feart  
Ferskepten 2.000 skeppen grûn de meter, dea – gemoedereard

### Diken en paden - hjoed-de-dei - noflik te gean

Wy witte fan in prachtich paad -nei Oegekleaster- syn bestean  
En aanst frijút fan Ruurderpypke nei't kleaster troch de greide  
Troch it lange gêrs of faaks meant of beweide

### Jimme Hartwerters hawwe it geweldich útfûn

In prachtich paad mei buorden oanjûn  
Jimme hawwe foar dit paad gâns wat út 'e wei setten  
Oertsjûge fan 'e minsken fan no, fan har ferletten

### Wat komt jim -yn al jimme drokte- it leafste ta

Jimme droktemakkers mei jim: social – media  
Ferjit werris de klok en nim de tiid  
No't dit paad foar jimme bestiet

### Gean yn frede, mar nea by nacht

Want noch altyd hearre jim dan de jammerklacht  
Fan gruwelike strideraasje út it ferline  
En moogelik sil jim de duvel ferskine  
Ha dan, - krekt as ik- wijwetter by de hân  
En driuw dêrmei de duvel út it lân

### Minsken fan 'e paadkommisje, oan 'e ein fan dit skriuwen

Foar al jim krewearjen -fan 'e fette baarch- in sekje greauwen  
En ta beslút, oer jimme allegear de seine  
Litte wy it wijwetter no reine

### Asperges me, hysopo et mundabor

*Sicut erat in principio, et nunc et semper et in saecula saeculorum*

En nim no ien op it paad, mar reitsje net yn 'e lorum